

# De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

**jiergong 40 nûmer 4**

**maart 2010**



<b>Redaksje:</b>	<b>Adres:</b>	<b>tillefoan:</b>
Sjoerd van Beem	Molewâl 4, 8731 AD Wommels	0515-332482
Willem Wijnia	Walperterwei 21, 8731 CC Wommels	0515-331444
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731 C L Wommels	0515-333295
Atty Scheltema	't Heechhiem 1, 8734 GS Easterein	0515-332791
Dirk-Yde Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-54385633

## **Ynternetredaksje:**

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl  
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

## **Bestjoer:**

	<b>tillefoan:</b>	<b>funksje:</b>
Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein	0515-332500	Foarsitter
Immie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard	0515-332149	Skriuwer
Baukje de Jong van Eysingaleane 22, GD Easterein	0515-852400	Ponghâlder
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Wedstriidsekretariaat
Rudy Dykstra Stapertstrjitte 11, 8731 CA Wommels	06-22916180	Foarsitter jongerein
Koos Plantinga De Singel 24, 8734 HR Easterein	0515-332448	Lede-administraasje
Enne J. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein	0515-332013	PR en Reklame
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken

## **Jongereinkommisje:**

	<b>tillefoan:</b>	<b>funksje:</b>
Rudy Dykstra Stapertstrjitte 11, Wommels	06-22916180	Foarsitter
Ab Scheepvaart Geins 24, Wommels	0515-332604	Algemien lid
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum	0517-342169	Sekretaris
Fokje Breimer Greate Buorren 13, Kûbaard	0515-331330	Skriuwster
Anja Wijnja Hofkamp 46, Wommels	0515-332758	Algemien lid
Jan Bouke Bouma Dobbelân 4, Easterein	0515-532609	Algemien lid

## **Technyske Kommisje Senioaren vv SDS**

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema  
Koördinator SDS 1,2 en 3: Gerrit Terpstra  
Koördinator SDS 4 en 5: Ids Boersma  
Koördinator Futsal: Willem Wijnia  
Koördinator Froulju: Anke van Asselt  
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwisma

## **Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:**

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Ab Scheepvaart	0515-332604	Skriuwer
Klaas Okkema	0515-332221	Coördinator A- en B-junioren
Dirk de Jong	0515-331351	Coördinator C-junioren
Tsjipke Okkema	06-18296720	Coördinator D-pupillen
Robert Hoekstra	0515-331190	Coördinator E-pupillen
Anne Hallema	0515-332928	Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur

---

## **E-mailadressen:**

Foarsitter@vv-sds.nl => Douwe-Dirk Reitsma  
Ponghalder@vv-sds.nl => Baukje de Jong  
PRcommissie@vv-sds.nl => Enne Bruinsma  
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl => André Vink  
Ledenadministraasje@vv-sds.nl => Koos Plantinga  
Sekretaris@vv-sds.nl => Immie Kamstra  
TC-foarsitter@vv-sds.nl => Durk Okkema  
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl => Rudy Dijkstra

---

## **Sponsorkommisje**

Enne Jeh.Bruinsma Shirtsponsoring ennebruinsma@wanadoo.nl  
Anne Stenekes Treffer en website  
Ype Tiemersma Reklamebuorden en Freonen fan SDS  
Silvia Hania Algemiën lid  
Pep de Boer Administraasje

---

## **Aktiviteitenkommisje**

Oebele Anema Klaas Okkema Eke Sybesma  
Geert Hiemstra Gatske Hiemstra Annie Sjaarda

---

## **Wedstrydsekretariaat**

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 famvink@ziggo.nl

---

## **Akkomodaasje:**

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

---

## **Fersoarging terrein:**

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

## **tillefoan:**

0515-332872

---

## **Fersoarging materialen:**

Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein 0515-332570  
Jan de Jong De Streek 10, 8734 GR Easterein 0515-331351

---

## **Konsul:**

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

---

**Bankrelaasje:** 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

---

**Ferienings nr KNVB:** BB BG 32H

---

## **Korrespondinsje besoarging Treffer:**

Easterein:	G. Orsel, De Streek 7, 8734 GR Easterein	0515-331297
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

---

<b>Kontribúsje :</b>	Senioren fjildfuotbal:	€	57,05
	it healjier		
	Senioren sealfuotbal:	€	41,15
	A- en B-junioren:	€	45,30
	C-junioren:	€	38,15
	D- en E-pupillen:	€	31,10
	F-pupillen:	€	26,95
	foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid		20% koarting

**Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.** Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

### Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

### Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

### Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: **www.vv-sds.nl**


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

## Woansdei 14 april of sa

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**



## Fan de redaksje



Ferline wike woansdei wienen de gemeenteriedsferkiezingen. Ik wist net wêrop te stimmen. Miskien hie ik my der wol mear yn ferdjippe moatten. Ik koe my allinnich net betinke wêr 't welke politike partij no eins foar stiet. Mei in simpel ferkiezingsprogramma hienen sy myn stim al gau krije kinnen. In tredde fjild foar SDS, it swimbad foar altiten iepen hâlde lykas de sporthal, fleskes bier op sneon yn de kantine en myn

stem hienen sy hân. In miste kâns.

Wy winskje jo in protte lêswille mei dizze nije Treffer!

(WW)

# Ynhâldsopjefte

Samme  
“Everywhere”



**side 7**

De nije SDS-  
kledinglijn



**side 18**

“Es ist Von  
Gggggggaal...”



**side 25**

<i>Fan de redaksje</i> .....	3
<i>Ynhâldsopjefte</i> .....	4
<i>Fan it bestjoer</i> .....	5
<i>Fan it jeugdbestjoer,</i> .....	6
<i>Oan it wurd: Samme Overal</i> .....	7
<i>Klaverjasse</i> .....	9
<i>SDS League: Stân wike 5 twadde helte 2009-2010</i> .....	100
<i>De SDS kleding lijn</i> .....	122
<i>“Ofskie nimme fan”</i> .....	133
<i>Efkes foarstelle oan Baukje de Jong</i> .....	144
<i>It ljocht op in sponser</i> .....	105
<i>Noppen en naaldhakken</i> .....	166
<i>Wat seit Brouwer?</i> .....	177
<i>Ferjitten fuotballers; Jan Weijer</i> .....	188
<i>Wy hyve mei</i> .....	211
<i>Sibe de Seefûgel</i> .....	222
<i>Ferlet Sinteklazegedicht</i> .....	233
<i>Persoanlik: Hendrik de Jong</i> .....	255
<i>SDS groeit</i> .....	29
<i>Alde doaze</i> .....	300

<b>Oplossing Krystpuzzel.....</b>	<b>31</b>
<b>Kompetysje-yndielingen foarjier 2010) .....</b>	<b>32</b>
<b>De jongste talinten fan SDS .....</b>	<b>33</b>
<b>Kees'Kollum: "Es ist Von Gggggaal!" .....</b>	<b>34</b>
<b>Ron Jans sprekker op sponserjûn .....</b>	<b>358</b>
<b>Doelpuntenmakers senioaren en froulju .....</b>	<b>39</b>
<b>Trefferkes .....</b>	<b>442</b>
<b>Aginda .....</b>	<b>444</b>
<b>SDS-sjaal te keap .....</b>	<b>444</b>

## Fan it bestjoer



De fiersten te lange winterstop is wer foarby en we kinne it fjild wer op. Mar ûndanks dat der de ôfrûne twa moanne net balle is, is der net stil sitten. Sa is drukkerij van der Eems ús nye haadsponsor en sil Jaap de Blaauw as haadtrainer oan de slag. Ek bin we tige wiis mei Johan Faber die it twadde foar syn rekken nimme sil, Marco Hoekstra die de staf fan it earste fersterke sil en Dooitze Nauta die oanjûn hat graach bij SDS te bliuwen.

We ha dus in soad by it ein hân mar der moat ek noch wat ynfult wurde, sa wurdt der drok socht nei ien of meardere co-sponsors en is ús bestjoer noch net kompleet, Yn beide gefallen kin we wol in tip brûke.

Sa at ik al sei wie de winterstop lang, dan is it mar goed dat der in aktiviteite kommisje is, die ha foar tige slagge middei's en jûntsjes soarche, tige tank dêr foar. De sponsorkommisje sil foar de sponsors fan SDS in jûn organisearje, dit sil wêze op 23 maart en dan komt Ron Jans útlizzen wêrom at hy graach nei fryslân komme wol.

Nei al dizze neven aktiviteiten soenen je hast ferjitte wêr it allegear om draait, it spultsje sels. Ik winskje jim dat ek in prachtig moai twadde seizoenhelte ta sûnder ôflassing, sûnder degradanten en hjir en dêr in kampioen.

DWO

## Fan it jeugdbestjoer,



Mei de kompetysje start yn it foar út sjoch is it noch spannend wannear wy wer los kinne. It waar sit foar it fuotbal net mei. It soe betekenje kinne dat wy in yntinsyf programma temjitte gean, want it wrâld kampioenskip sit der ek oan te kommen.

9 Desimber wie der de 2e **lieder- en trainers fergadering** foar de jeugd. De winterstop is dan ynsetten en is it moaie momint om de earste seizoen helte te evaluearjen en om foarút te sjen nei it winter programma en de twadde helte fan it seizoen.

Sa yn it begjin fan 2010 moatte wy ek foar út sjen. Wat sil de takomst bringe, welke doelstellingen ha wy mei de jeugd, wat wolle wy ferbetterje, wat foar ynfloed hat de oanstelling fan Jaap de Blauw as haad trainer fan SDS foar de jeugd. Ferskeidene saken dy ús dwaande hâlde. Ideen of mei tinke? **Lit it ús witte.**

As jeugdbestjoer ha wy **Mark Postma** fan Wommels benadere om disse saken te ynventarisearen by it jeugdbestjoer en de technyske kommisje. Mark sil hjir yn de kar lûker wurde. Ynkoarten sille wy mei elkoar de doelstellingen formulearje en hjir in tiidspaad oan hingje.

9 April is it wer tiid foar de **jeugd aksje!** Elts jier wer in sukses! Tidens disse aksje giet de jeugd fan de C, D, E en F teams by de doaren langs om snobbersguod te ferkeapjen. **In diel fan disse opbringst giet nei SDS.**

De **slot dei** stiet yn de kalinder foar 21 maaie. De slot dei wurdt jierliks organisearre foar de jeugd fan de D, E en F teams. 28 April sil it jierlikse **skoal fuotbal toernooi** plak fine yn Easterein foar de learlingen fan groep 7 en 8 fan Littenseradiel. De **'kick-off'** foar de jeugd is útstelt troch de waars-omstannichheden.

It seizoen fan 2010/2011 is noch fier fuort. Om alles yn goeie banen te lieden is de technyske kommisje al begûn mei de team yndielingen foar 2010/2011.

Fanôf maart sille 6 pupillen trainers op de kursus 'KNVB Pupillentrainer'. De kursus duorret 8 wiken

Sa efkes koart in oantal saken dy't ús dwaande hâlde.

Groetnis,

Rudy Dijkstra  
Foarsitter jongerein

## Oan it wurd: Samme Overall



### Krekt de boat mist...

Nee, net Samme mar ik, dy't 'm ynterviewe soe.. Al moannen bivakeart Samme yn ferbân mei syn herstel fan in operaasje by heit en mem Klaas en Baukje op 'e Singel. Mar doe it oangean soe, wie Samme krekt wer op Skylge en siet syn earste wurkdei der op.

Samme, foar de rubryk "ferjitten fuotballers" fûn 'e redaksje dy minder geskikt: in teken dus datst (noch) net ferjitten bist...  
Dêrom: yn "oant it wurd", hast fêst wol in ferhaal!

### **Samme, as earste, hoe is't mei dy? Fertel ris even de 'histoarje' fan dyn knibbel.**

Tsja, mei my is't no al in stik better Ik bin krek wer begong te wurkjen dat docht in minsk al goed! De histoarje leit gelokkich achter my, it begong allegear yn it earste seizoen yn de senioaren. Toen waard ik flink hurd ûnderút helle mei as gefolch bûtenste meniscus fan

linke knibbel derút. Oardel jier letter siet ik wer, doe barde it mei it keatsen. Selde knibbel mar doe de binnenste meniscus derút. Doe ha ik 3 jier net fuotballe en oare aktiviteiten úthelle sa-as drave, fytse en fitnisse.

Mar dêr koe ik net myn passy úthelje. Doe ha ik mar wer fuotbalskuonen kocht en se mei de Dorpe-Cup op Skylge foar it earst oanlutsen. Ja, fuotbaljen ferlear je net dus ik stie ek al snel ynskreaun bij AVV, moaiste fuotbalklup op it eilân. Ik ha in hearlik oardel

***"Wa wit passe de fuotbalskuon oer in jier wol wer haha.."***

seizoen fuotballe doe wie it echt (wer) mis. Foarste krúsbân finaal dwers troch. Over en uit op dat momint. Ha'k noch in jier om sukkele en ha doe it beslút naam om te operearen mei as gefolch 4 moanne út it wurk en in jier net aktyf sporte...

Safier ist no. Revalidearje, mar it giet poer best, wa wit passe de fuotbalskuon oer in jier wol wer haha..



### **Kinst oait noch fuotbalje?**

At it goed is bin ik oer in jier wer top fit en bin ik wer hielendal hersteld. Dus wa wit prebearje ik it wol wer, it sit yn it bloed dat stroomt altyd troch!!

### **Hoe wienen dyn lêste jierren by SDS?**

Dat binne jierren om noait wer te ferjitten! Yn 'e junioaren ha ik noait blesseard west das al posityf. Die lêste jierren wie de top mei in monster A1, alles kloppe, sawol it team as de begelieding. We hienen in echte freonenploech, gongen troch it fjoer foar elkoar. We binne yn dy jierren ek trije kear nei it bûtenlân west. Dat wie ek in hiele belevens!

### **Koedest dy wat fermeitsje, no'st sa lang út it wurk widest en net folle koest?**

Ja, dat foel my parten mei! It is allegear snel gongen en ik hie in goed plak thús!. Ik hie myn eigen keamer ûnder, dus dat wie ek ideaal. Myn matties wienen ek geregeld wer op de Singel te finen, altyd leuk!

### **Hoe lang sitst sa ûnderhân op Skylge? Ek al moai wat jierren, of net? Wat dochst, hoe wennest, hoe is't mei de leafde..**

Ik sit no al wer trije jier op Skylge, befalt poer best. Bin noch steeds banketbakker, wurkje yn in team fan 7 bakkers en 1 learling



**"What 's your name"  
"I'm Samme,  
Samme Everywhere"**

**Bist met Dirk Yde nei Vancouver west. Noch spannende dingen meimakke?**

Allinnich mar! Dat wie sear unyk om dat te beleven. It wie gewoan super om it fan sa ticht mei te meitsjen.

### **Fynst sels ek datst in soad wei hast fan Ali B?**

Uhhh, ik fyn dat ik mear fan Zlatan Ibrahimovic wei ha mar Ali mei der best bij haha.

**Wat is er sa moai oan Skylge? Hast der ek al in freonenploech of sitte al dyn maten hjir noch?**

Earst gongen we der hinne op fakânsje en op de

bakker. Moai bedriuw wat hyper modern mei de tiid mei draait. Ik kom straks te wenjen yn Landerum wêr myn baas in pleats kocht hat foar it personeel. Mei de leafde sit it ek hielendal goed, 'ha in moai Skylgers famke...

### **Mist Easterein ek wol ris? Tinkst datst nochris werom komst yn Easterein of bliuwst op Skylge de kommende tiid?**

Easterein sil altyd wol de thúshaven bliuwe. Mar ik bliuw de kommende tiid wol op Skylge It libben is hjir best leuk. Sa no en dan wer ris even yn Easterein sjen, altyd leuk!



boat ha je al it gefoel, dat je echt fut binne. Moeie fytspaden, heide, bosk, dûnen, strân, wat wol je noch mear! Freonen meitsje giet wol frij snel at je oeral wat oan mei dogge.

Fuotbal, keatsen, roeien, toulûke, survival, ach je bouwe snel wat op. Faak genôch op stap gean, mar net mear elk wykein hear.. Oan de wâl probearje ik it ek sa goed mogelijk te ûnder- hâlden...

Tja, kinst Samme wol oan it wurd litte. Mear romte yn 'e Treffer kriget er net, mar oars... Mar der binne fan't simmer fêst in protte minsken dy't Samme tsjinkomme op Skylge. Mear witte? Freegje him sels! Al is hy faak en folle oan it wurk yn dizze "hoogtij-dagen"!

Oh ja, Samme slút ôf mei in komplimint: :Woe dôchs noch even in komplimint jaan oan de SDS side. Hoe dy by holden wurdt! Súper! Hy stiet by my ûnder de favoriten...

(AS)

(Foto hjirûnder: Samme mei AVV yn de Panorama)



## Klaverjasse

*Foar de minsken die it noch net witte efkes it folgjende:*

*Wy, as aktiviteitenkommisje, ha 18 february in kaartjûn organisearre en dat wie best slagge, allinnich koene der wol wat mear minsken meidwaan.*

*Dus, ha jim nocht oan kaarten, kom dan 18 maart en 15 april nei de kantine fan de Skoalleseize.*

*We begjinne om healwei achten en kaarte 3 bomen.*



# SDS League: Stân wike 5 twadde helte 2009-2010

Stân	Foarige stân	Team:		Wenplak	Wike 4	Wike 5	Totaal	Prizenjild
1	8	Boem Boem Baarda	D.Y.S.	Easterein	64	45	238	€ 6,25
2	4	Carolien ik heb ze gezien	S.R.	Wommels	57	41	236	€ -
3	6	Alles op Paulo Henrique	P.R.	Wommels	64	42	236	€ 6,25
4	7	Feite	F.d.H.	Easterein	56	43	236	€ -
5	5	www.kaatspartuur.nl	J.Kah.H.	Easterein	59	40	235	€ -
6	3	Mark Postma	M.P.	Wommels	55	39	234	€ 12,50
7	10	Achter de brêge	T.K.O.	Wommels	54	43	234	€ -
8	1	FC Bakkerskonken	S.A.	Mantgum	63	35	233	€ -
9	2	The Red Wings	B.S.	Spannum	60	34	231	€ -
10	12	FC Toeval is Logisch	S.W.	Wommels	47	40	228	€ -
11	11	De Finne sil winne	O.A.	Mantgum	53	37	226	€ -
12	9	BUVOVV	H.P.	Wommels	61	32	224	€ -
13	17	Master(be) Erik	E.H.	Wommels	55	42	222	€ -
14	15	Van Alles Wat	J.D.	Wommels	52	36	221	€ -
15	14	Sûnder Solve	H.F.	Hidaard	57	32	220	€ -
16	16	Triple 11	J.G.	Wommels	54	36	220	€ -
17	39	Postmeister	J.P.	Wommels	54	53	219	€ 12,50
18	18	It's lds	I.d.B.	Skrok	55	35	215	€ -
19	20	Batistuta-team	H.S.	Boksum	45	36	213	€ -
20	21	De Toekomst	FT&JvW	Kub./Wommels	48	36	213	€ -
21	24	Ajarnox	B.v.d.W.	Easterein	52	38	213	€ -
22	34	GVR	F.B.	Easterlittens	52	44	212	€ -
23	19	FC Bitterbal	H.d.J.	Wommels	54	32	211	€ -
24	22	Reinder en José Olééé!	E.P.	Wommels	50	34	211	€ -
25	35	Super Solo de Boer	E.d.B.	Easterein	46	44	211	€ -
26	13	Jorine's 11	JvD	Easterein	52	22	210	€ 12,50
27	29	FC Al Bundy United	S.v.B.	Ljouwert	52	38	210	€ -
28	43	Grensgeval	A.B.	Wommels	50	45	209	€ -
29	44	Lollumer Stip	T.&S.B.	Lollum	53	44	208	€ -
30	25	Bulder	J.M.	Waaksens	43	32	206	€ -
31	33	Heitedopoulos	J.D.	Wommels	52	38	206	€ -
32	37	FC Blokje Tsiis	A.H.	Wommels	44	40	206	€ -
33	23	FC Sushi	Y.T.	Easterein	51	30	205	€ -
34	36	Op naar de top	M.F.	Easterein	50	38	205	€ -
35	45	Jaap Trekhaak	P.W.	Wommels	55	41	204	€ -
36	26	Hey Ho Let's Go	W.W.	Wommels	54	29	203	€ -
37	38	De Oetlulletjes	H&P&A	Wommels	51	37	203	€ -
38	28	Papadoelpuntloos	G.P.	Heerenveen	47	30	202	€ -
39	32	Jelsmanian Devils	J.S.J.	Easterein	51	32	202	€ -
40	27	Leve Vader Abraham	L.H.	Wommels	57	26	200	€ -
41	46	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	38	38	200	€ -
42	55	"The Dike-Side"	D.d.J.	Easterein	48	43	200	€ -
43	47	Dicky Dick	D.S.	Joure	49	34	196	€ -
44	50	Ozzy	H.E.	Spannum	48	37	196	€ -
45	56	Mar wer ris meidwaan	J.P.D.	Easterein	49	40	196	€ -
46	31	Team Pussy	T.S.	Ljouwert	49	24	195	€ -
47	49	Hjalmar Ruiter	H.R.	Wommels	48	34	195	€ -
48	51	Samar 11 fan 11	F.W.	Easterein	34	37	195	€ -
49	53	SC Hinnaard	I.K.	Hinnaard	44	36	194	€ -
50	30	Berrieboys	R,P & F	Wommels	44	21	192	€ -

51	59	Jodan Boys	J.B.	Wommels	45	37	192	€ -
52	40	Roger Federer	BvB	Wommels	46	26	191	€ -
53	41	PSV Kampioen	J&SW	Wommels	37	27	191	€ -
54	57	FC Fit bliuwe	G.F.	Easterein	50	35	191	€ -
55	70	Altyd boppeoan	D.N	Stiens	47	40	190	€ -
56	60	Vuvuzelaaaa!	R.S.	Wommels	51	35	189	€ -
57	63	Keessie Kwakman	K.A.	Berlyn	33	38	189	€ -
58	69	Alles heb een reden	K&K&D	Easterein	43	39	189	€ -
59	81	TVO	S&D.K.	Easterein	45	47	187	€ -
60	42	November Rain	G.A.T.	Easterein	42	22	186	€ -
61	52	FC Knudde	T. en P.W.	Wommels	41	28	186	€ -
62	65	Durk Okkema	D.O.	Easterein	39	35	186	€ -
63	48	Pieter Kamstra	P.K.	Easterein	45	24	185	€ -
64	66	De Sadelrûkers	E.,R &WD	Wommels	31	35	185	€ -
65	54	Soesoeky	B.J.P.	Easterein	44	27	184	€ -
66	77	Easpânne	M.B.	Easterein	47	40	184	€ -
67	62	The Butchers	L.B.	Easterein	46	30	182	€ -
68	75	GirlPower	M&A.D.	Wommels	44	35	182	€ -
69	67	H. Van Weperen	H.v.W.	Oldeholtpade	38	31	181	€ -
70	58	Jan de Jonge's jonges	T.d.B.	Wommels	35	24	179	€ -
71	61	El Ham & Eggs	J.S.	Easterein	36	26	179	€ -
72	64	Sytsinho	S.H.	Wommels	34	28	179	€ -
73	68	Gebakken	S.K.O.	Skylge	42	28	178	€ 12,50
74	74	Masterteam	L.&TvdP	Wommels	33	28	177	€ -
75	72	Camataru	R.Z.	Easterein	29	27	176	€ -
76	78	FC Grasmatt	E.d.B.	Easterein	30	30	173	€ -
77	87	FC Solo	S.d.H.	Wommels	43	41	173	€ -
78	71	Hampie Smoothie	H.A.D.	Easterein	27	22	171	€ -
79	82	Natte Arie	A.P.	Wommels	54	33	171	€ -
80	76	FC Rients	RdB	Easterein	36	24	169	€ -
81	80	Wonder Team	F.R.	Easterein	45	26	169	€ -
82	84	De Spinne's	H.B.	Easterein	36	32	168	€ -
83	88	Trombonale Dech. Spoorvocht	H.E.	Wommels	29	38	166	€ -
84	73	SSSSSSSSSS	SdS	Skrok	31	16	165	€ -
85	83	Blablafke	A.F.d.B.	Wommels	39	28	165	€ -
86	79	Anne Steen ooit weer op 1?	A.S.	Wommels	43	17	160	€ -
87	91	Torpedo Toering	J.T.	Ljouwert	37	37	160	€ -
88	85	El Guapo	K.G.&M.R.	Wommels	39	24	159	€ -
89	86	FC Broja	B.J.G.	Wommels	26	21	154	€ -
90	89	Quansahnamo Bay	K&K&D	Easterein	31	19	147	€ -
91	90	110% Anti-Feyenoord	F.H.	Easterein	27	20	145	€ -
92	93	Hawwe net	T&S.O.	Easterein	26	29	129	€ -
93	92	Gert-Jan Hiemstra	G.J.H.	Easterein	29	10	122	€ -
94	94	FC Supermario	D.R.O.	Easterein	21	13	87	€ -

Mei nammen Sibe de Seefûgel falt ús tige ôf dizze edysje mei syn SSSSSSSSSSS (de 11 S'en). Mei Seliga(SPA) op goal, Stenman(GRO), Van der Struijk(WII), mar wat punten Sprockel(VIT)-je. De punten binne dan ek Schaars(AZ) en ûndanks Sarpong(NEC) giet it noch net sa Somers(UTR). Suarez(AJA), Sibon(HEE) en Stoch(TWE) moatte it dwaan, mar helje ek noch te min punten. Oan 't no ta liket Sibe syn team 11 hiele oare S'en: Slop, Soai, Sipelich. Soe it dit seizoen noch de 3 S'en fan Klaas Dijkstra wurde? (WW)

## De SDS kleding lijn



Vanaf het nieuwe seizoen start SDS met een kledinglijn voor haar leden.  
Wat is precies de bedoeling met een kledinglijn?

De leden kunnen via de website kleding bestellen. U moet dan denken aan trainingspakken, polo's, sweaters, tassen, korte trainingsbroeken, midjacks, trainingsshirts en rugzakken. Op dit moment gebruiken we de SDS coachjassen al. Deze lijn willen we doorzetten naar bovengenoemde kledingstukken en tassen. Wanneer een sponsor SDS wil gaan sponsoren met kleding dan hebben we een SDS tenue. Dit is een vast gegeven. Hierop kan de sponsor haar naam op laten drukken. Het bedrijf die dit voor ons verzorgt is MUTA uit Leeuwarden. Onze huidige leverancier van

de shirts.

Ook wil de kledingcommissie SDS broekjes in haar kledinglijn opnemen als een standaard broekje voor elk lid. Dit wordt nog verder uitgewerkt.

We houden u op de hoogte.

Namens de kledingcommissie van SDS,

Tineke Vink  
Enne J Bruinsma  
Douwe D Reitsma



## “Ofskie nimme fan”

*Jierren hat Willem Twijnstra ponghâlder west fan SDS. Sûnt jannewaris hat Baukje de Jong syn taken oernaam. Wy binne wol benijd as Willem him no ek ferfelen giet. Wy sille efkes heare:*



### **Hoe lang bisto no úteinlik ponghâlder west?**

Ik ben in 1999 in het bestuur van SDS gekozen en heb vanaf 1 januari 2004 de functie van penningmeester vervuld, dus 6 jaar.

### **Bliid dasto derôf bist?**

Ik heb het altijd leuk werk gevonden en ben daarom blij dat SDS in Baukje de Jong een goede opvolger heeft gevonden.

### **Do bliuwst dochs noch wol aftyf binnen SDS?**

Gedurende het lopende seizoen 2009 – 2010 hou ik me nog bezig met materialenbeheer, coördineren belijning van de velden op vrijdags en draai bij toerbeurt nog velddienst en bestuurslid van dienst op zaterdags. Voor het volgende seizoen heb ik nog geen besluit genomen of ik deze functies bij SDS nog wel ga vervullen.

### **Stiet SDS der finansjeel in bytsje goed foar?**

Financieel staat SDS er goed voor. Op de laatste ledenvergadering hebben de leden dit kunnen constateren.

### **Do hâldst no fêst in hiel soad tiid oer.**

#### **Do giest dy no net ferfelen wol?**

De funkties die ik momenteel bij SDS heb vergen nog zoveel tijd dat ik me tot op heden geen moment heb verveeld en zoals het er nu voor staat zal ik mij ook in toekomst niet vervelen.



### **Hast oars noch wat?**

Als materialenbeheerder zou ik graag zien dat leiders, trainers en leden wat meer verantwoording willen dragen voor de door SDS beschikbaar gestelde materialen en de netheid in de kleedruimten zowel op zaterdag als door de weeks.

(WW)

# Efkes foarstelle oan Baukje de Jong

*Jierren hat Willem Twijnstra ponghâlder west fan SDS. Sûnt jannewaris hat Baukje de Jong syn taken oernaam. Wy binne wol benijd wa 't Baukje is en wat har sa al dwaande hâldt.*

## Kinsto dy efkes foarstelle?

Ik bin baukje de jong.hast 53 jier en wenje sawat 4 jier yn easterein tegearre mei myn freon boudewijn en mei myn dochter froukje. Ik wurkje as thusoarchferpleechkundige yn littenseradiel. Ik mei och sa graach motorride op myn harley en sa no en dan ris yn e tun werke.

## Wat hasto mei SDS?

Ik kin SDS al hiel lang mar wie eins noait by de wedstriden mar doe ik hjir kaam to wenjen bin ik dalik freon fan sds wurden. Boudewijn traint de d2 en Almar fuotballet yn d1 dat sds is al aardich by us ynburgere.



## Wat hasto mei fuotbal?

Best wol in protte ek ha al jierren in seizoenkaart fan heerenveen en gean as it efkes kin nei alle thuswedtriden mei Boudewijn en Ria [freondinne] ek mei ik graach nei studiosport sjen.

## Hast sels ek fuotballe?

Nee dat hiest yn myn tyd noch net

## Wat fynst fan frouljusfuotbal?

Best genoch,as ik jonger west wie dan hie ik noch wolris prebearre wollen

## Wat is dyn earste yndruk?

Sds is in grutte vereniging wer in soad bart.mei myn fraachen kin ik altyd by willem of de oare bestuursleden terjochte.en omdat we ien kear per moanne fergaderje kom ik der aardich yn.

## Sy sizze dat froulju wolris in gat yn de hân hawwe. Kinst goed mei jild omgean?

Ja best wol. Ik ha al hjerder

ponghaldster west en die vereniging is der noch hieltyd dus dat mat lukke.

## Binne der ek dingen dysto as ponghâldster feroarje wolst?

Der kin ik no noch neat fan sizze mar ik bin fan myning dat men mei de tyd mei mat en de jeugd hat de takomst!

## Is it no ek sa dasto daliks eltse dei op de Skoalleseize omslachst?

dat tink ik net want ik mat om it wykein werke ,mar ik sil der wol faker weze as earst.

Wy winskje dy in protte wille ta as ponghâldster! (WW)

## It ljocht op in sponser

*It ljocht skynt dizze moanne op de Terp 5 te Wommels. Dêr fine jo Murk's Slagerij. Murk levert no de prizen foar de ferlottings.*

### Sûnt hoelang bestiet Murk's Slagerij?

Ik bin sa'n fjouwer jier foar my sels oan de gong. Dêrfoar haw ik 38 jier by Tjalling Reitsma wurke.



### Wêrom bist foar dysels begûn

Tjalling hold der mei op. Doe hie ik de kar, of yn de WW, of foar mysels begjinne. Mei myn dochter Erika bin ik foar mysels begûn en it rint super. Ik wol nea wer oars.

### Wat makket dyn fleis oars as dat út de supermerk

Ik bin in ambachtelik slachter, de ienichste yn Littenseradiel. Ik krij alle fleis yn bouten thús. Ik moat sels snije en de fellen der ôfhelje. Derneist meitsje ik sels in protte produkten. Underoare ko ljinre, rauwe ham, rollade, droege woarst. Wy rikje sels.

### Eartiids krigen de fuotballers byfstik, is dat ek goed foar de spilfers fan SDS.

Ik tink net dat byfstik allinne de SDS-ers better meitsje kin. Sy hawwe gewoan al myn fleis nedich, dan komt it goed.

### Hasto eartiids ek fuotballe?

Doe't wy lyts wienen mochten wy op keatsen en gymnastyk. En mear net. Ik bin ek noch nea by in wedstriid fan SDS west, op sneon is de winkel oant 4 oere iepen. Ik sjoch allinne de wedstriden fan it Hearrenfean op de televyzje en dat fyn ik moai. Komt der in oare wedstriid dan sep ik troch.

### Leverje jimme neist it fleis ek noch iets spesjaals

Freed en sneon draaie de hinnen yn de grill. Wy dogge in protte oan barbecues. By it lêste jubileum fan SDS hawwe wy ek de barbecue fersoarge. Jo kinne by ús terjochte foar in barbecue foar 2 oant 150 man. Wy leverje it fleis, de stokbôle, sauzen, tinten, stean- en biertafels, kuolling, glêzen, bestek, buorden, alles is mooglik. Wy leverje ek waarme- en kâldebuffetten by de minsken thús. Alles wurdt troch ús sels makke. As spesjaliteit hawwe wy ek noch in baarch oan it spit. Dat moat wol in 14 dagen fan te foarren melden wurde, want hy moat earst slachte en pikele wurde.

### Hasto eins wol wat mei de Easterein

Eartiids gienen wy sneontejûn nei 'de Tsjerne' ta. De Eastereinder jonges fûnen it bêst dat wy dêr kamen. Wy mochten mei alle froulju op stap..... Allinne net mei de Eastereinder froulju. Barde dat wol, dan krigen wy de sneins fan de mannen op de bealch.

### Komt der ek in boerd fan dy?

It is it doel dat der in boerd lâns it fjild komt mei reklame fan my. A-M. W-K.

# Noppen & Naaldhakken

oer froulju, fuotbal en oare  
belangrike saken



*Seker net! De fammen gean de kompetysje yn! Offisjeel hjitte se D4M, sis mar pupillefamkes. Harren earste wedstriid waard spile, it gong gelokkich troch, op in roetkâlde sneon. Earst noch even op 'e foto, want soks moat natuerlik alle oandacht krije en fêstlein wurde, sa leuk foar letter...*

*Sanne Rixt docht ferslach,*

Zaterdag ochtend stonden wij (Dagmar, Brechtje, Ilse, Jildou, Karin, Maricela, Alice, Jitske en Sanne- Rixt) op het veld, voor het eerst met ons eigen team en onze coaches: Paul Walstra en Bertus Bootsma. We moesten tegen Makkum voetballen, die al even in de competitie zaten. In het begin had iedereen het bijna koud maar later kwamen we er een beetje in en werden we weer een beetje warm, toen scoorde Jitske de eerste goal 1-0. Kort daarna scoorde Makkum de gelijk maker 1-1 Daarna hadden we ook nog goed gespeeld. Toen was de rust en de 1<sup>e</sup> helft was voorbij, we gingen naar de box, nog even wat drinken en de opstelling nog even bespreken en toen moesten we op naar de 2<sup>e</sup> helft. Toen stonden we weer op het veld. We stonden gelijk en het ging goed, maar helaas scoorden toen Makkum een goal en het was 1-2. Makkum werd even beter als ons er scoorde daarna nog een goal 1-3. We hadden geen wissel meer en iedereen was moe, het lukte niet meer om er nog 2-3 van te maken.

Gemaakt door: Sanne  
Rixt Jorritsma

Nei de wedstriid tref ik  
noch wat froulju yn 'e  
kantine. Hoe gong it?  
"Best aardich, allinne  
moat it spul noch wol wat  
better delset wurde (!).."  
Wow!, ik ha te krijen mei  
guon dy't (no al) ferstân  
ha fan it spultsje.. Dat  
belooft noch wat!



Jimme hearre grif mear fan dizze jonge fammen!

(AS)



## Wat seit Brouwer?



(foto Henk Bootsma)

\* Scheids: "Hee grens, 'k heb net een kroegje geopend, nog tips?"

Brouwer: "Altyd op ien hân utserfere...."

(Sytse Hibma)

\*\*"Ja hallo, it giet hjir net om apenúten!!!"

(Jaap Toering)

\*\*"Ik flagge wol, mar ik seach it ek net"

(Willem Wijnia)

\* Brouwer wurdt steeds slimmer....

Skeids: "Soe hy noch trochspylje kinne?"

Brouwer: "Wat tinkst no sels mei in instabiele thoracale wervelfractuur...?!!!"

\*\*"Wat is der no, skeidsrechter?"

(Pieter Wijnia)

\*\*" Ja, bij vrouwenvoetbal kunnen ze ook buitenspel staan"

(Doede Kooistra)

\* Skiedsrjochter: 'Werom flagje jo?'

Anne; 'Ik woe jo efkes witte litte dat ik it net goed koe sjen!'

(Friso Albada)

\*\*"Skieds toch!, ik ha it goed sjoen, ha toch myn eagen net fol stront!!."

Henk

## Ferjitten fuotballers; Jan Weijer

Jan oer SDS:

‘Ik ha der in moaie tiid hand ‘

In petear mei Jan Weijer(fan oarsprong Winsumer), in fuotballer fan it type; ‘niet lullen, maar poetsen’, jierren de loftsefter fan SDS 1, dy’t it ha moast fan syn ynset (‘balôfpakke en ynleverje’), mar fansels ek wol mear, want oars spylje je net yn SDS 1 tinkt my. As ik del kom, lizze de plakboeken al op de keukenstafel te wachtsjen, fol mei oantinkens ut dy tiid.

Jan makket diel ut fan in unyk selskip dy’t ea de oerstap makke ha fan VVO nei SDS. Fanôf de D’s oant de senioaren spile er syn wedstriden foar de jubilarus ut Littens. Doe’t er yn tsjinst moast, kaam hjir (tidelik) in ein oan. Mei troch oantrunen fan Gerrit Terpstra makke er ein jierren ’80 de oerstap nei SDS en koe er mei Klaas Kamstra meiride nei de training fan de B-seleksje. De trainers yn dy tyd wiene Henk Buding en letter Jan Puite. It wie lieder Klaas de Haan

dy’t him op loftsefter delsette, nei’t er by VVO foaral op it middenfjild spile hie. Yn syn earste wedstriid foar SDS 2 (tsjin Blau – Wyt), makke er daliks in goal. Dat dit in unikum wie, blykt troch dat er yn totaal 3 goals foar SDS makke hat.

Mei de komst fan Jan Ydema kaam er fêst by it earste.

Syn earste basisplak wie tsjin Balk, ‘nei’t Friso Albada tsjin Ydema sein hie dat er bang wie dat er syn tsjinstanner net byhâlde koe (dy wie hiel rap), mocht ik begjinne, hjirnei bin ik der eins net wer ut west ‘.

Under dizze trainer waard de wei omheech ynslein dy’t letter mei Hylke de Vries hielendal foarm krige mei mar leafst 2 promoasjes op rige.

It wie in prachtige tiid mei in technyske stêf dy’t bestie ut Anne Brouwer (lieder), Daan Boersma (flagger) en Piet de Jong (fersoarger). ‘Wy wienen echt in ienheid, mei Douwe Durk en Wouter as routiners, Tsjoard



Dykstra en wy as 'jonkies' der by hienen we in moaie mik's'.

Op myn fraach wat syn moaiste wedstriid west hat, hoecht er net nei te tinken.

'Dat wie de leste wedstryd fan de neikompetysje yn 1995, thus tsjin WPB. Yn de kompetysje hienen we twa kear fan harren ferlern, mar no wûnen we mei 3-0. Myn direkte tsjinstanner wie Toussaint Koopmans (toetie), dy't my as fuotballer wol trije kear yn'e rûnte koe, mar troch dat ik 'der boppe op siet' dêr net yn slagge. Op in stuit wie er sa liik dat er neitrape en mei read fan it fjild moast'.

Hjirnei folge de beslissingswedstriid tsjin 't Fean op in

utferkocht sportpark fan Blau-wyt. Der waard mei 5-1 wûn en dus promovearre SDS nei de 3e klasse.

'It wie in unyk barren, we promovearren nei de 3e klasse en it soe efterôf besjoen myn leste wedstriid yn it earste wêze. Yn die tiid krigen wy dit hûs op'e Hofkamp en dêr moast genôch oan dien wurde, dat ik stoppe der mei. It seizoen hjirnei ha ik it noch al wer prebearre, mar ik krige in swiere blessuere en kaam yn tsjinst by myn hjoeddeistike wurkjouwer wêr troch't ik ek gau ris op sneon

wurkje moast. Dat betsjutte dat it eins net mear helber wie om foar it 1e ut te kommen.

As ik tsjinwurrich mannen fan doe tsjin it liif rin, dan komt it petear gau ris op dy tiid, dat jout wol oan hoe't wy dat meielkoar belibbe ha.

Anekdoates?

No ja, der barde fansels wolris wat, sa wit ik noch dat we ris in feestje yn It Skipperke (Baard) hienen en dat Klaas Westra kwyt wie, letter



kaam er ut de kast...mei in frommes.

En yn Aldehaske is Arno Eisma ris boppe op in putdeksel dûkt, hy wie doe keeper, fandêr de bynamme dy't in oantal minsken miskien noch wol kinne (Arno putdeksel). Ek opfallend wie dat ien fan de routiners gau ris foar de wedstriid in grutte boadskip dy...yn us eigen boks, it kaam dan wol foar dat in oantal fan us him dernei 'bedwelmden mei deodorant'.

Hjoedtedei folchet Jan SDS noch op'e foet, fansels fia de side, de

radio en de krante. Ek is er meastentiids oanwêzich by de wedstriden fan soan Marco, dy't ûnder lieding fan Klaas de Haan (dêr is er wer) en Roel Sybesma foar SDS ut komt. 'Ik ha in protte respekt foar dizze mannen, dy't al jierren tige belutsen binne by de klup en harren spilers, dat fyn ik moai.

SDS is dudlik groeit yn al dy jierren, doe't ik begûn, traiden we op in gravelfjildsje en hienen we in kantine mei san âlde kachel der yn, ast dat fergelikest mei dat wat der no stiet, dan is der in protte bard. Wat al better kinne soe, dat binne de trainingsfjilden, de jeugd moat eins altyd traine kinne, mar ik ha

begrepen dat ek dêr hurd oan wurke wurdt.

Wat dat betreft bin ik foar keunstgêrs, mar net om wedstriden op te spyljen, je moatte it gers rûke kinne is myn miening.'

En sa prate we noch in hiel skoft fierder, oer it SDS fan doe en no, it is wer san hearlik jûntsje wêrby't je fiele dat it SDS gefoel gewoan bysûnder is. It hâldt us dwaande en dat is moai.

Ik soe wat dat betreft ek noch wol in oantal siden mear folskriuwe kinne, mar dan bliuwt der gjin romte mear oer bin ik bang.

(svb)



Al meer dan 60 jaar alles onder één dak, voor uw gemak!

 **VAN DER VELDE**  
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

Tsjerkebuorren 16, 8831 XH Winsum (Frl), Tel. 0517 341 268  
[www.uwslaapspecialist.nl](http://www.uwslaapspecialist.nl) | parkeren voor de deur | vrijdag koopavond

## Wy hyve mei.....

*Dizze kear in digitaal ûndersyk nei de hyves fan Jeroen Wagenaar. Dizze triticher hat in technysk berop en is sûnt 2 seizoenen ek technysk lieder fan SDS3.*

Syn profyl is opfleure mei 2 prachtige 'onliners' wêr't we allegear wat oan ha kinne; 'The bad new is time flies, the good news is you're the pilot' en 'Believe in yourself and Respect'. Dizze ingelske teksten sizze in protte oer Jeroen, oer hoe't er yn it libben stiet en ek dat er ynternasjonaal orientearre is. Foar syn wurk as projektmanager by Wilee Techniek BV yn Ljouwert moat er gau ris nei it bûtenlân en dan is it fansels wichtich dat je 'in wurdje oer de grins' sprekke.

Jeroen hat syn side ek opfleure mei in oantal fotokes, wêrûnder dy fan it feest ter eare fan syn en Ronny's 30e jierdei. Dat dit in slagge dei / jûn wie, is te sjen oan de bliere gesichten fan de oanwêzigen. Ek binne der bergen mei snie te sjen, om krekt te wêzen dy fan Gerlos, dêr't er yn 2009 te wintersporten west is.

*'Slapen is een grondrecht. Hoe kan het zijn dat er mensen, organisaties, bedrijven of rituelen zijn die bepalen hoe laat jij op moet staan. We zijn toch vrije mensen?'*

Dit is de omskriuwing fan ien fan de hyves wêr't Jeroen lid fan is, de hyve 'Trek die stekker uit m'n wekker want ik lig hier net zo lekker' hat as stribjen 'een brede



erkenning en ondersteuning van het grondrecht voor goede nachtrust / nachtlust' en sjoen it grutte oantal leden, tinke mear minsken hjir sa oer.



Fierder is te sjen dat er donor is en ek graach oan de fytsalvestêdetocht docht. Dat is op himsels wol frjemd, want yn it deistich libben giet er it meast op fjouwer tsjillen fan a nei b.

Fansels is dizze feanfan ek lid fan de ferskeidene SC Hearrenfean – hyves, je kinne je klup net genôch steune, hielendal yn dizze tiid.

Jeroen mei dan wol gjin fanatyke hyver wêze, hy hâldt syn side sa no en dan wol by sjoen de wiziging fan it 'www – menu', dus meld dy oan en wa wit hearst daliks ek by de digitale freonerûnte fan dizze beste fint. (SVB)

# Sibe de Seefûgel



Yn dizze lange ferfelende winter sit ik wat te blêderjen yn wat âlde Treffers. Ik kom ek de Treffer fan juny 2000 tsjin. Hast 10 jier lyn. It wie in jubileum Treffer, omdat it blêdsje 30 jier bestie.

Yn dy Treffer stie in foarútblik nei 2030. Ik hie it fansels wol earder sjoen mar wie it alhiel fergetten. Wat stiet der:

## Betinking dea Sibe de Seefûgel.

Op 18 maart 2030 is it 20 jier lyn dat Sibe de Seefûgel omkommen is bij de grutte fûgeloarloach bij Skrok, doe 't de fûgels fan it Fryske Gea in oanfol diene op de fûgels fan it fûgeltsjelân fan Natoermonuminten.

Ferdomd noch oan ta. Dat is al hiel gau. Dan haw ik net folle tiid mear. Want jim kinne wol miene dat dit net troch hoecht te gean, dat is net sa. Yn de Treffer steane nea leugens. Dus ek dit sil útkomme.

Dy ferrekte fûgels fan it Fryske Gea sille mij dus in kopke lytser meitsje. Op Skrok.

En foardat ik de piip útgean soe ik earst noch myn testamint opmeitsje moatte. No dêr haw ik gjin sin oan. Ik lit ek neat nei. Allinne myn stikjes. It sille der 90 west ha tink ik. Ek myn net útbrochte dichtbondel fan 2006 "In skeet dwers foar de kont" lit ik efter. Ik doch ôfstân fan alle

útspraken dy't ik dien ha yn myn stikjes en dy' t mooglikerwize kwetsend west ha foar wa ek mar. Alle ideeën dy't ik oandroegen ha, slane mei de wittenskip fan no, nearne op. Alle beledigingen oan wa ik mar, lûk ik hjirbij yn. Ik sil no mar bekenne dat ik keatsen in prachtige sport fyn, dy't allang olympysk wêze moatte hie.

Ik moat jim ek noch bekenne dat ik alle dagen Bolke mis. Mei syn skerpe pinne rekken syn kollums de problemen yn it hert.

Oer SDS wol ik ek noch wol wat kwyt. Hoe't it fierder moat mei de klup, ik soe it net witte. En dat seit wol wat. At ik it net wit, wa moat it dan wol witte (Oebele de Boer?).

De klup wurdt hieltyd grutter mei mear leden, it oantal taskôgers bij it earste wurdt hieltyd lytser. Wat seit dat ? Is de klup der foar de leden of binne de leden der foar de klup?

Keunstgers? Seefûgels hâlde dêr net fan!

No begjin ik al wer te seuren, wêr bemoui ik mij noch mei. Ik haw al 12 jier seurd op fan alles en elkenien. It is no oer. Dit wie myn lêste kollum.

En mocht ik yn de kommende wiken noch in priiske ha yn de league mei myn S-team (wat ik mij net foarstelle kin) , dan kin it jild wol oer makke wurde nei Aant. Hij wist myn seefûgeltokens altyd goed om te setten yn lêsbere taal.

En mochten jim tabeslút myn bonken mei omskot fine, ik fyn it net slim om opstoppe te wurden.

Sibe

## Ferlet Sinteklazegedicht

Om 't Jan Stenekes 5 desimber net al te fit wie en hy net mei SDS 3 mei nei Delfstrahúzen gie, bleaun dêr in pakje foar him lizzen. Lokkich genôch wienen de mannen fan SDS 3 sa tûk om it dochs mei te nimmen foar Jan en him dit te jaan foar de oefenwedstryd yn Snits tsjin ONS 2 op in sneon yn febrewaris. Der siet noch in hiel gedicht by wat wy jim ek efkes leze litte woenen:

Madrid 5 desimber 2009,

Beste Jan,

Wa hie dat no tocht,  
hat Sinterklaas in kado foar dy kocht.  
As lyts jonkje giest noch faak nei Spanje mei yn de sek,  
mar wat wol je ek mei sa 'n grutte bek.  
Alle skiedsrjochters binne dit mei my iens,  
dy fan SDS mar ek fan CSL Stiens.  
De leste wiken bist al wat stiller,  
jim hoefden net te fuotbaljen of koest de lucht wol better brûke as middenfjilder.  
Earder dit jier wiest ek wat stil,  
faaks mei dyn reet op de WC-bril.  
De dokter kaam net folle oan de weet,  
ûndanks in slange mei kamera yn dyn r\*\*\*.  
De Sint moat ek wolris weak te poepen,  
mar dat komt meast nei tefolle biersûpen.  
Fit wiesto wier net,  
krigest ek noch in stive nekke fan dat skytfet.  
Foarich jier hiest ek alris ien kear wat stiif,  
en lyk swanger wie se dyn wiif.  
Sis net dat dy stive nekke kaam fan it lesjaan,  
want dêr hoest net folle te dwaan.  
Wurdt it dy al te dreech dêr foar de klas,  
dan komt Sjoerd dy altiten goed fan pas.  
Asto tefolle bier hân hast en bist wurdich gjin stoer,  
meldst dy siik en dan nimt Sjoerd gewoan dyn wurk efkes oer.  
Sa kinsto der sa no en dan ris op út,  
al duorret it soms dagen foardast wer bist by kop en stút.  
Do giest dan flink op stap,  
en litst it bier ryklik floeie út de tap.  
Lêsten noch nei Snits mei Pieter en Willem op paad,  
net te let nei hús want dan wordt "moeders de vrouw" zo kwaad.  
Sa as wol faker wiest wer nergens te finen,  
en mochst allinnich yn de taksi nei hús ta ride.



Do krigest fêst op de kop dat bist wol wend,  
 miskien wurdst sa nochris in echte fent.  
 Yn in nij grutter hús kom je makliker te let,  
 want dan geane je gewoan op it útfanhúzersbed.  
 Dat nije hús fan jim waard úteinlik neat,  
 hoe 't it ek gie, it gie hielendal ferkeard.  
 Mei SDS 3 giet it noch altiten goed,  
 mei troch it goeie keeperswurk fan Sjoerd.  
 Jonges dy 't wolris by dy yn de auto sitte,  
 dy moatte dit ek witte.  
 Dy útwedstriden geane as in speer,  
 dat komt troch yn dyn auto dy muzyk fan weleer.  
 Noch in âlderwetse kassettespiler yn dy âlde  
 rammelbak fan dij,  
 mar it bringt bulten gelok mei him mei.  
 Ien âld bantsje mei Nirvana fan Sjoerd hasto mar,  
 Sint fynt der moat mar ris wat oars foar.  
 Fansels gjin Vlieger fan Hazes,  
 mar b.f. Nirvana, Soundgarden, AC/DC of Kyuss.  
 Metallica, Pearl Jam, Faith No More en de Toy Dolls,  
 der sit wat yn foar elk wat wols.



Bestuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhuhhh,  
 Sint

## SDS-fuotbalplaatsjes bringe €1565,- op

De fuotbalplaatsjesaksje hat SDS €1565,- opbrocht.

Op 5 febrewaris krige Enne Bruinsma namens SDS in cheque útrikt yn De Wijnberg yn Boalsert. Ek fertsjintwurdigers fan de fuotbalferieningen fan JV Bolsward en RES en fan World Servants Bolsward krigen in cheque.






## Persoanlik

### Hendrik de Jong



<b>Namme</b>	Hendrik Sietze De Jong
<b>Berne</b>	Easterein
<b>Wommels, Easterein as....</b>	Lestige fraach...ha altyd mei folle nocht yn Easterein wenne. Helaas is it qua winkels de lêste jierren der net better op wurden. Gelokkich binne de fuotbalfjilden en de sporthal noch yn Easterein. Mar omdat Wommels wat mear te bieden hat kies ik dêr foar....
<b>Karakter</b>	Restich, drok, negatyf, posityf, humoristysk, serieus. Ja jemig, stel net sokke lestige fragen jong...
<b>Oplieding</b>	Peuterskoalle, basisskoalle, MAVO probeare, dernei Friese Poort yn Snits de detailhannel dien.
<b>By SDS sûnt</b>	Doe Marco van Basten yn'e EK-finale die ferrekte moaie goal makke tocht ik: dat wol ik ek..dus sûnt 1988.
<b>Team</b>	Lêste jierren altyd yn SDS 1. Op dit momint bij t 2e omdat ik nei myn achillespees blessuere noait mear op myn âlde nivo kaam bin.
<b>Gjin fuotbal, dan...</b>	Wurkje, keatse, pokerje, op'e bank omhingje. etc...

<b><i>Favorite klup Nederlân</i></b>	Ajax en SC Hearrefean. At se tsjin elkoar moatte, bin ik foar de winner.....
<b><i>Favorite klup bûtenlân</i></b>	Doe yn'e Champions League finale fan 1999 Manchester United twa doelpunten makke yn'e 90e minút tsjin Bayern München stoen ik te juichen op'e bank...mar sûnt Van Gaal, Robben en Van Bommel der sitte, betraapje ik mij der steeds faker op dat ik toch wol in bytsje de foarhân ha foar dy klup.
<b><i>Beste trainer</i></b>	Lyckle Bleekveld wie de trainer die it measte ferstân fan fuotbal hie en it team goed delsette. De leukste trainingen wiene fan Kees Jansen.
<b><i>Beste fuotballer yn Nederlân</i></b>	Suarez, mei kop en skouders....
<b><i>Beste fuotballer yn it bûtenlân</i></b>	Op dit momint is Rooney goed dwaande.
<b><i>Favorite posysje</i></b>	Yn 'e frije rol foaryn, yn 't 4-4-2 systeem
<b><i>Sterkste punt</i></b>	Snelheid, ( foar mien blessuere) kin wol in bytsje koppe.
<b><i>Swakste punt</i></b>	Technyk kin better, slechte kaats. Trainings arbeid.
<b><i>Moaiste stadion</i></b>	Barcelona (Nou Camp) en Feyenoord (de Kuip)
<b><i>Idoal</i></b>	Fûn Zidane wol in knappe gokker, mar hie net echt in idoal wer mei ik de keamer fol posters hingjen hie.....
<b><i>Hichtepunt</i></b>	Seizoen 2003/2004 en 2004/2005. We waarden doe 2x efter elkoar kampioen en mochten yn'e 1e klasse balje. Dat jier degradearden wy wol wer, mar toch wie it in hichtepunt..
<b><i>Djiptepunt</i></b>	Dat wie de wedstriid WPB - SDS. stoen doe langs de kant en seach it gebeuren. Ik hoopje soks net wer mei te meitsjen. Gelokkich is it goed ôfrûn mei Floris... en op persoanlik flak mien achillespees die ôfskuorde...

<b>Beste eigenskip</b>	Meitsje mij net snel drok om bepaalde dingen, mar dat kin ek yn je neidiel wurkje.
<b>Slechtste eigenskip</b>	Sjoch hjir boppe
<b>Boas om</b>	Dat sommige minsken op hiele belangrike mominten oare persoanen it ferkearde paad op stjoere..
<b>Gelokkich fan</b>	At ik freeds nei hús ta riid en wit dat it wykein foar de doar stiet.....
<b>Televyzje</b>	Voetbal International op moandei- en freedtejûn... Freeds genietsje ik der efkes wat mear fan omdat dan Hans Kraay jr der net by sit.....
<b>Muzyk</b>	Ha net spesifyk in bepaalde band wer ik fan fan bin..fyn fan alles wol leuk..
<b>Iten</b>	Eigen makke lasagne is goed yn te nimmen....(no ja, Amarins makket it eins altyd)
<b>Drinken</b>	Dat hinget hielendal fan'e dei en it tiidstip ôf....troch de wike oerdei wat kofje en jûns limonade. Sneon te jûns faak in gleske bier...en snein te moarn/middei fyn ik wetter hiel lekker
<b>Op fakânsje nei...</b>	Denemarken, Skylge, Spanje, Turkije en Eastenryk. Bin ôfrûne jier foar it earst op wintersport west. Moat sizze dat dat sear ferslavend is. En gear oar jier dus seker wer.
<b>Kampioen Eredivisie?</b>	FC Twente 
<b>Wurd Nederlân wrâldkampioen yn 2010?</b>	De kear dat se wrâld kampioen wurde komt steeds tichterby.....dus wa wit....
<b>SC Cambuur?</b>	Fyn it moai dat se it de lêste 2 seizoenen sa goed dogge. It soe leuk wêze dat se wer in kear yn'e Eredivisie tsjin Hearrefean balje koene. Mar sa it no liket soe dat ek

	wol ris yn'e Jupiler League gebeure kinne...
<b><i>Moaiste sjurt</i></b>	De traditonele shirts.
<b><i>Lelijkste sjurt</i></b>	It út- shirt fan VFL Bochum ein jierren 90. alle kleuren fan'e reinbôge wiene der yn ferwurke. 
<b><i>Fuotbalskuon</i></b>	Altyd Adidas. Op 1 kear nei. Doe hie ik Nike..( oansmarre litten troch de Al Bundy fan'e Aktiesport) mar op dy skuon kryg ik allinnich mar blieren en wie it krekt as balle ik op iis(ferkeard noppen systeem neffens de ferkeaper) dus toch mar wer Adidas.
<b><i>Rêd SDS 1 it dit seizoen yn de twadde klasse?</i></b>	At je de hiele seleksje sjogge binne we dit absolut ferplicht. Want oan de fuotbal kwaliteiten leit it seker net....it ferskil tusken de lêste 5/6 teams binne net grut, dus der is noch fan alles mogelijk. Mar it sil muoilik wurde..
<b><i>Wolst fierders noch wat kwyt?</i></b>	Ja, ik fyn it echt belachelik dat op de olympyske winterspelen curling in sport is, dan soedest op'e olympyske simmerspelen ek wol jeu des boules op t programma sette kinne..

(DYS)

# SDS groeit

Beste SDS-ers,

Voor het voorjaar van 2010 zijn er een aantal zaken veranderd.

- \* Er zijn twee teams extra bij gekomen, en 1 team is van 11 naar 7 tal gegaan.
- \* F5(jongens), D4m (meisjes), zijn er extra bij.
- \* D3(jongens) is van 11 naar 7 spelers gegaan.
- \* Per zaterdag 6 maart zal dat er op neerkomen dat er een extra veld moet worden uitgezet achter de sporthal. Op het schema staat wanneer dit nodig is.
- \* De maten hiervoor zijn: 50 x 64 meter en de juniorgoals.
- \* Voor een extra veld worden er pionen(hoeken) en doppen(zijlijnen) gebruikt. Het veld wordt uitgezet midden op het trainingsveld, daar waar de minste glooiing is.
- \* Ook wat betreft kleedkamer zal dit de nodige moeilijkheden geven, maar met een goede sportieve inzet zal het wel lukken. Er wordt op de zaterdagen wel extra op toegezien dat alles goed verloopt.
- \* Van de leiders wordt verwacht dat ze na de laatste wedstrijd de pionen en doppen weer op te ruimen.
- \* Mocht de omstandigheden het toelaten dat zal er waarschijnlijk ook op vrijdagavond gevoetbald gaan worden, waarbij een extraveld dan niet meer nodig is.

Natuurlijk reken ik op een sportieve samenwerking, om de groei van SDS in goede banen te leiden.

Vriendelijke groetjes,  
André Christiaan Vink  
0515-333134 [Wedstrijdsekretaris@vv-  
sds.nl](mailto:Wedstrijdsekretaris@vv-sds.nl)



# Weer veel en mooie doelpunten in derby te Oosterend SDS straft gebrek aan teamgeest bij Sneek (zm) genadeloos af: 4-2

**OOSTEREND** - Aan de traditie dat er in Oosterend, wanneer de teams van het plaatselijk favoriete SDS en Hubert Sneek tegenover elkaar staan, veel gescoord wordt is zaterdag geen eind gekomen. Wederom vielen er, ondanks de abominabele omstandigheden, maar liefst zes treffers waaronder enkele bijzonder fraaie. De felbegeerde zege in deze derby ging uiteindelijk naar de thuis spelende formatie van trainer Henk Buning, simpelweg omdat de Oosterenders als eenheid meer felheid aan de dag legden dan de wat timide akterende ploeg van de verliezend coach Bert Bouma.

„Individueel zullen ze stuk voor stuk wel wat in huis hebben, maar als team hebben we gewoon heel slecht gespeeld”. Klonk het lichtelijk cynisch uit de mond van een zwaar teleurgestelde Bouma. Niet verwonderlijk want na de tik die stadgenoot ONS verleden week uitdeelde in de laatste minuten stonden de Sneekers voor de tweede maal in deze competitie met lege handen. „Een punt hadden we toch zeker verdiend”, meende de Sneek coach na afloop. De neutrale toeschouwer zal het met hem eens zijn geweest. Want de wifhernden schieden zich gedurende de gehele wedstrijd een veldoverwicht. Echter zonder een vuist te maken want op spits Dick Bouma na, de zoon van de coach speelde een knappe partij, viel er voorts in op het middenveld bij Sneek weinig creativiteit te ontdekken.

De SDS-ploeg liet de gasten kossen en de verdediging met aan het hoofd de nu en dan te lichtvaardige Klaas Okkema, kossen nauwelijks in gevaar en de Oosterenders konden hun geliefde counterpellerie naar kartelast knerren. Trainer Henk Buning uit *Lezauwderde*: „We hebben vooral drie razend snelle jongens en als die in de diepte goed worden aangepeld krijgen we tegen andere ploeg kansen”.

Het eerste doelpunt ontstond trouwens niet uit zo'n scherpe counter, maar uit een hoekschop. Sneek-goalie Stel Geertma verloor het lichte deel van Klaas Okkema en de teruggekopte bal werd door Henk Ruiters knap tegen de touwen geschoten. Dat gebeurde na een kwartier.

Sneek (zm) wist geen enkel voordeel te peuren uit het windvoordeel, echter het

kwam terug door twee sterke individuele momenten van spits Bouma. Eerst reageerde hij sneller dan SDS's libero na een goed passie van rechtsback Henk Wessels om vervolgens doelman Sjoerd Boonstra beheerst uit te spelen en daarna - acht minuten voor rust - besloot hij van afstand uit te halen. Met de wind erachter zelde de bal prachtig in de bovenhoek: 1-2.

Lang aangeslagen bleek de in het blauw spelende thuisploeg overigens niet want al na twee minuten kon de gelijkmaker genterd worden. Voor SDS scoorde Henk Ruiters zijn tweede treffer. Een mooie, want na een vrije trap van jongste Anco Elgerma kopte hij na een snoekduik à la Bakhuis het leer achter de kansloze Geertma.

Met name over deze gelijkmaker wond coach Bouma zich na afloop lichtelijk op: „Een mooi doelpunt, maar die jongen kon de bal helemaal ongehinderd inkoppen. Wij staan allemaal toe te kijken, dat mag natuurlijk nooit gebeuren”. En toen SDS vijf minuten in de tweede helft via een weergalose solo van Henk Wadda, die de buitenspel af ontweek door zelf door te gaan, op een nituwe voorsprong kwam, zat het team op ruzen.

De blauwe muur rondom doelman Boonstra werd opgetrokken en Sneek, dat zonder Peter Schar (Blesure), Hendrik Kok (werk) en Cor van der Woude (in ommen met 'n trainer) speelde, zocht zich wezenloos naar een opening. Bouma werd nu beter aan handen gelegd en van speels als van Dapweco Arema, Johan Lanstra, Kobus Postma, Jan Koopmans en Klaas Kramer ging bijzonder weinig uit.



COACH BERT BOUMA  
- slecht gespeeld -

SDS hield simpel stand, haalde even opgeblazen toen de bal voor het doel en de ingevallen routinier Ate Westerhof langs huppelde en vond counterend een weg naar Geertma, die zich na een marige eerste helft best herstelde. Op rechts vochten Wessels en Wim Bakker felle spierdoels uit en op links had eks-WZS'er Jacob Altenburg 'n handen meer dan vel aan de talentvolle en speersnelle Anco Elgerma.

In de slotfase toen Hubert Sneek logischerwijs veer minke's nam kield goalie Geertma zijn team lange tijd op de been. In de ekstra speeltijd moest hij toch nog remmool het hoofd buigen toen Bakker de bal koelliedig in het doel lepelde en de wedstrijd definitief besluis. Eindstand 4-2 derhalve; de SDS'ers konden bij de spitsvoerd Bergma nagenters van hun allerzwaarte redelijke kompetisierstert, de Waterpoortvredelingen zullen de handen ineen moeten gaan slaan om de individuele kwaliteiten te bundelen.

Derde klasse A  
Zwaagweteinde Wobrega 1-2  
SDS-Hubert Sneek 4-2  
ONS-Busenpost 3-1

14-9-87

ah



# Kompetysje-yndielingen foarjier 2010 (1)

De jongste jeugd is foar de foarjierskompetysje wer op 'e nij yndield. Ferskil mei de neijierskompetysje is ek dat SDS D3 no in 7-tal wurden is en dat der no in SDS-famkestean (SDS D4M) losgiet yn de kompetysje. Ek is der in F5 bykommen.

D2			D3	7-tal	
1	EBC/Delfstrahuizen D2	11:15	1	-----	
2	SDS D2	09:00	2	Heeg D3	10:00
3	Langweer D1	10:30	3	Nieuweschoot D2	11:00
4	Makkum D2	09:00	4	VWC D2	10:30
5	-----		5	EBC/Delfstrahuizen D3	09:00
6	SneekWit-Zwart D3	12:45	6	SDS D3G	11:10
D4M	7-tal		E1		
1	SDS D4M	10:00	1	VWC E1	09:00
2	Scharnegoutum'70 D3M	11:00	2	SDS E1	09:00
3	LAC Frisia D10M	14:00	3	Renado/VVI E3	10:00
4	Leeuwarden D5M	11:15	4	Tijnje E1	09:00
5	Franeker SC D7M	11:00	5	Joure SC E4	10:15
6	Makkum D4M	11:30	6	SneekWit-Zwart E4	09:00

E2			E3		
1	SDS E2	09:00	1	JV Bolsward E5	09:00
2	Oosterlittens E1	10:00	2	TOP'63 E2	10:00
3	Oeverzwaluwen E2	10:15	3	ONS Sneek E4	09:00
4	QVC E2	09:00	4	SDS E3	09:00
5	LSC 1890 E5	13:30	5	Joure SC E8	10:15
6	LSC 1890 E6	13:30	6	Thor E2G	09:00
E4			F1		
1	VWC E3	10:15	1	Heerenveen F4G	09:00
2	JV Bolsward E4	10:15	2	SDS F1	10:00
3	LSC 1890 E8	10:30	3	Oeverzwaluwen F1	09:00
4	Workum E4	09:00	4	JV Bolsward F2	09:00
5	Gorredijk E6	13:25	5	EBC/Delfstrahuizen F1	10:00
6	SDS E4	09:00	6	NOK F1	09:00



## Kompetysje-yndielingen foarjier 2010 (2)

F2			F3		
1	GAVC F4	12:30	1	-----	
2	RES F4	09:00	2	Workum F5	10:00
3	-----		3	Mulier F2	10:00
4	SDS F2	10:00	4	Renado/VVI F4	10:00
5	Joure SC F6	09:00	5	SneekWit-Zwart F4	10:15
6	Scharnegoutum'70 F3	10:00	6	SDS F3	10:00
F4			F5		
1	Blauwhuis F2	10:15	1	Oosterlittens F5	11:00
2	Scharnegoutum'70 F4	10:00	2	-----	
3	SDS F4	10:00	3	Mulier F5	10:00
4	EBC/Delfstrahuizen F3	09:00	4	RES F3	09:15
5	CVVO F8	12:15	5	SDS F5	10:00
6	OudegaHJSC F3	09:00	6	QVC F4	10:15



trendy hair express

*De kapster bij u thuis voor Wommels en omstreken.*

Voor meer informatie/afspraak kunt u bellen of e-mailen naar;

Wilma de Pundert

Tel. : 0515-335872

Mob. Nr. : 06-50658736

Mail : [info@trendyhairexpress.nl](mailto:info@trendyhairexpress.nl)

Web : [www.trendyhairexpress.nl](http://www.trendyhairexpress.nl)

**WWW.VV-SDS.NL**

Utslaggen,  
programma's,  
filmkes, foto's  
en alle dagen  
nijs!

## De jongste talinten fan SDS

Foar de jonkjes fan F5 wie it 13 maart in spannende dei. Harren earste wedstriid foar SDS. . Easterlittens F5 wie de tsjinstanner en it waard in moaie gelykopgeande striid.

Hjir en dêr wat kânsen mar de beide keepers wiene net te ferslaan.

En wat wie it fjild grut! Wa wie dat lêstich om in doelpunt te meitsjen!

En wat wienen der in heiten en memmen en broerkes en suskes en pakes en beppes. Dy stiene allegear te kâldklomjen, mar F5 net. Dy hiene gjin tiid om kâld te wurden. De wedstryd einige yn 0-0. Mar bij it strafskopnimmen foelen der allegear doelpunten en dy waarden fierd as it beslissende doelpunt.

Wij witte wol seker dat jim de kommende wiken mear heare sille fan de jongste supertalinten fan SDS.



ah

Steand fan links nei rjochts: Karst Tamminga (leider), Jorrit Engelsma, Jeffrey vd Werf, Ytsen Tamminga, Arjen Schaap, Ruerd Andringa  
Sittend vlnr, Giel Koenen, Gerben Gerbrandij, Wiltsje Aardema en liggend Sjors Boschma. (niet aanwezig Menno Brunia)

## Kees' Kollum: ' Es ist Von Ggggggaal!'

Willem van Hanegem wist it enkele wiken lyn al treffend te formulieren(1): yn de Dútse Bundesliga gebeurd mear dan yn us Hollanske Eredivisie. Elts wykein treffe alde titanen as Schalke, Dortmund en Bayern wer oare traditonele volksclubs as Koln, Hannover en Gladbach. Oeral sitte de stadions fol en gjinien die't ek mar der oer piekert om fiif minuten foar tiit nei hus te gean want dan misse je de helft fan de goals. Nest de pracht fan de klubs is de kwaliteit fan de kompetysje is echter net allinnich op it konto fan de Dutsers of te skriuwen. Nee, op it moment binne it mei namme de Hollanske ingredienten die kompetysje kleure. Van the Man skoart foar Hamburg, Elia flitst der op de flanken en Robben is net te keren yn Munchen. De grutste attraktie fan allen is echter Louis van Gaal.

*Bin ich so  
intelligent?  
oder bist dü  
so dumm?*



*Geraldo*

Louis van Gaal sit by Bayern, syn 'droomklub', en dit mei wol sjoen wurde as in pikant huwelik. De Rekordmeister is namelik in typisch produkt fan syn omjouwing: de minsken ut Bayern binne trots, wat eigenwiis (de rest fan de Dutsers fine de Bayern arrogant en kinne it net lije dat dit de rijkste deelstaat is) en erg konserfatief- de paus is yn elke wenning sawat op de muorren werom te finen. Dit konserfatisme wie ek lang werom te sjen by Bayern Munchen wer't mannen as Karl Heinz Rummenige, Uli Hoennes (de Brouwer fan Bayern) en natuerlik der Kaiser de klub stefig yn hun greep hoalden. Wat dizze ald striiders net utkaam, barde net. Punt ut.

Lange tiit gie dit goed, fantastisch sels, mar no't sukses de leste jieren utbleauwn en it gat mei klubs as Chelsea en Barcelona snel groeit is, binne de dinosauriers fan Bayern in pear jier lien bijelkoar kaam. It stjoer moest om en Klinsmann, die't it goe die mei Dutsland op it WK, moest de boel modernisere. Klinsman bleek echter al snel in Kliniklown te wezen doe't hy metien grutte Budhabeelden it trainingskompleks op sleepte en syn persoanlike psycholoog yn de begeleiding opnaam. Men kaam der by Bayern achter dat net Klinsmann de architect fan it Dutse elftal wie, mar de huidige coach Juri Loew. En nei in hjeal jier ferbyten op de bank luts Hoennes de stekker ut de onderlinge samenwerking (yn algemien oerliz bepaald natuerlik..)

*1: Al is it net wierskynlik dat De Kromme sels syn stikjes typt*

Foar de sprong nei de Europeeske top koazen Uli en Karl Heinz doe foar us Louis. Op'e nij in gokje: want mei Van Gaal helje in man binnen die't sich natuerlik net lit ynperke. In frontale botsing mei de Bayern-top liket dus in kwestie fan tiit. Derby kriig Louis ek te meitsjen mei in team dat hy net self samenstelt hie. Flak foar syn komst wienen mannen as Timutchuk, Olic, Gomez (30 miljoen!) foar grut jild kocht en de selektie telde inkele fedetten werfan je wol ferwachtsje koenen dat Van Gaal se net meie soe, mar die wol wer jild ferstjinwurdichen (les: Toni, Ribery). Dizze problemen kamen metien oan it ljocht. Ribery wie noait fit –de dikke tien siet dwers- en klaagde oer syn kille trainer. Mei syn maat Luca Toni wie it nog trije kear erger. Toni 'Doppelpack' wist net hoe snel hy nei Italje gean moest doe't hy derachter kaam hoe't Louis tinkt oer spilers die net lusterje of lere wolle (tink oan Rivaldo).



At dat net genoch wie, belanden hast alle djoere oankeapen (mei namme Timochuk en Olic), tegjearre mei Miroslav Klose op de bank. Der befunen sy sich yn it goeie geselskap fan Van Gaal's eigen troefen Braafheid en Pranjic. In stikje kapitaalfernietiging pur sang want warskynlik binne dizze spilers oankommende simmer foar in skyntsje, of sels gratis, op te

heljen. Van Gaal spiele us mei fjoer, mar soe sichself net weze at hy sich fan sokke saken wat oanluke soe.

Sa as wol faker brocht de jeugd uteinlik utkomst. Jongens mei echte Dutse nammen sa as Muller en Badstuber blykje de revelaties fan it team te wezen, dy't sich op kinne luke oan de prestaasjes van Robben (yn myn eagen de ienige goeie oankeap mei Olic) en Lahm. Derby is it handich dat Van Gaal de grutste Dutser fan de kompetysje as oanfierder het. Mark van Bommel is tsjinwurdich echt in meester yn oertredingen wurden en skoffelt eltse wedstriid wer de beste man fan de tsjinstander ut de wedstriid.

It liket derop dat nei de utwedstriid tsjin Juventus, de utskakeling fan Fiorentina en de kopposysje Van Gaal de dikste stoarmen oerleeft hat. Robben en Muller hewwe hem reden foar it moment. Troch Van Gaal syn stoicijns festhoalden oan de jeugd het de klub no in oantal talenten die't al tsjin it nationale team oanhikke. Bayern het wer takomst; it bloed pompt wer sneller troch de klub. De koppositie en it warskynlike kampioenskip ferblyne echter de bliuwende grutte problemen. Foaral achternyn mut it oer de hoop: Van Buyten is undanks syn goals gjin topferdediger en sil dit ek net mear wurde, mei Butt stiet der in man fan 40 op goal en ferfanger Rensing is net in optie (in blunder hjit hjir in Rensingkje). Fjiddier wol de oare sintrale man, Demichelis, nei dit seizoen werom nei Argentynie. Yn de spits komt Klose net oer syn alde probleem hinne (hy skoart yn 2 wedstriiden 3 kear om dernei 8 wedstriiden gjin bal te reitsjen),

en Gomez is mei syn 30 miljoen ien fan de meast oerskatte footballers aller tiiden. Dizze man stiet der allinnich yn omdat Klose nog minder meifootbalje



kin (2) Topskoarder wurde fan Bayern, kin dan eltseinen. Allinnich it middenfjild kin sich mei de Europeeske top redelik mjitte. Ribery's fertrek sil de klub derby ik net skeade mits Muller en Kroos sich trochuntwikkelje en Robben fit bliuwt.

Al mei al het 3/4 jier Van Gaal uteinlik it konservatieve Bayern al in soad feroare. Hoennes en Rummenige hewwe kriigen wat se ferwachtsje koenen: in

eigenwiize trainer die't strijd mei de fedettes, mar de jeugd wol better makket. Folle hinget der fan of hoe't it leste (de ontwikkeling fan de jeugd), it eerste (de kapitaalfermietiging) kompensere kinne. De Bayern elite hald dit precies yn de gaten!

Ondertusken lefert it yn elts gefal moaie plaatsjes op eltse sneon. De typyske Van Gaalse perskonferensjes kint no eltse Dutser. 'Es ist Von Ggggggaal' wist Louis lesten in interviewer te ferbetterjen die't de Nederlanske 'G' net utsprekke koe. Just, de grutste attraktie fan de Bundesliga!

*2:As Gomez fan 't simmer yn Súd-Afrika de winnende makket dan saket my de broek of.*

Kees Adema

**Sjoch foar al it  
aktuele SDS-nijs  
eltse dei  
op  
[www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)!**

## Ron Jans 23 maart sprekker op sponserjûn



Op tiisdeitejûn 23 maart organisearret de sponserkommisje wer in spesjale sponserjûn. Nei sprekkers as Fritz Korbach, Foppe de Haan en Johan Derksen is de sponserkommisje der ek dit jier wer yn slagge om in foaroansteand persoan te strikken. Op ynternet koenen jim sizze wa 't jim tochten dat komme soe. Dit is de útslach wurden:

### Wa komt der tiisdeitejûn 23 maart op de sponserjûn sprekken?

Rierner van der Velde	#	%
	5	9%
René van der Gijp	21	41%
Ron Jans	19	37%
Ronald Koeman	0	0%
Rinus Michels	1	1%
(R)Yme Kuiper	1	1%
In oar	4	7%

51

Sa 't de measten ynmiddels al witte komt de nije trainer fan SC Heerenveen, Ron Jans, sprekken. Ron Jans fuotballe yn it ferline by PEC Zwolle, FC Groningen, Roda JC, Mazda Sport(yn China) en Veendam. As trainer wie hy wurksum by VV SJS, ACV, Achilles 1894, Emmen (as assistint) en FC Groningen. Nei dit seizoen sil hy dus by SC Heerenveen oan de slach. Genôch om oer te praten op de sponserjûn tochten wy sa. (WW)

## Doelpuntenmakers senioaren en froulju



De list wurdt mei de wike langer mar de topskoorder by de manlju bliuwt gewoan Jappie Wijnia en by de froulju Jitske Plantinga.



	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 5	S 6	tot
Jappie Wijnia						3	14			17
Robert Sijbesma				8	4					12
Harm A. Dijkstra							9			9
Jitske Plantinga		8								8
Ype Tiemersma							7			7
Skelte Anema			5							5
Hjalmar Ruiter				5						5
Pieter Kamstra					3		2			5
Bram Strubbe									5	5
Tsjalling Sikma			4							4
Ids de Boer						2			2	4
Sytze Kooistra				1	2					3
Jildert Hylkema				3						3
Mark Postma				3						3
Gerlof Veldstra					3					3
Stefan van Krimpen					3					3
Anco Elgersma							3			3
Andrew Feijten						2	1			3
Christiaan Hoekstra							2	1		3
Doede Sijssling									3	3
Gert Jan Hessels									3	3
Jan Bouke Bouma									3	3
Rudy Dijkstra						2			1	3
Sieta Tessemaker		3								3
Dirk de Jong				1	1					2
Freek Tichelman				2						2
Henk Postma				2						2
Jelte P. Dijkstra					2					2
Ralph Wariman					2					2
Sjoerd Rispens					2					2
Bote Strikwerda						2				2

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 5	S 6	tot
Erwin de Boer						2				2
Ids Boersma							2			2
Leandro Reitsma									2	2
Myriam de Boer		2								2
Tessa Booms		2								2
Dirk Yde Sjaarda			1							1
Feite de Haan			1							1
Harm Stremmer			1							1
Jelmer Posthumus			1							1
Arjan Posthumus				1						1
Syb Overall				1						1
Jan Stenekes					1					1
Peter Sijbesma					1					1
Remco Bervoets					1					1
Sybren Wesselius					1					1
Willem Wijnia					1					1
AnnaM. Posthuma	1									1
Ayanle Barakat						1				1
Bas de Haan						1				1
Folkert R. Vellinga							1			1
Gerlof Hofstra						1				1
Hendrik Engbrenghof						1				1
Igor Kalinowski									1	1
Janneke vd Elshout	1									1
Joutsen Okkema	1									1
Margriet Rienstra	1									1
Marije Hiemstra		1								1
Martijn Rispens									1	1
Martin Rienstra									1	1
Pytrik Hiemstra									1	1
Sietske Okkema		1								1
Sytze Hibma									1	1
Thomas vd Meer									1	1
<b>Eindtotaal</b>	<b>4</b>	<b>17</b>	<b>13</b>	<b>27</b>	<b>27</b>	<b>17</b>	<b>41</b>	<b>1</b>	<b>25</b>	<b>172</b>



**Voor al uw schilder-, timmer  
en kluswerkzaamheden gaat u  
naar Jaap van der Velde!**



Van Eijsingaleane 20

8734 GD Easterein

Telefoon 0515 33 11 18

Mobiel 06 51 664 000



Monsamabuorren 1 8844 KT Hinnaard

Tel. 0515-332149

Mobiel: 06-29587214

e-mail: [steenhandelkamstra@planet.nl](mailto:steenhandelkamstra@planet.nl)

Stenen Keur 1 en keur 2

Tegels klein en groot

Opsluitbanden en palissadebanden

Betonbielzen en stapelblokken

## Trefferkes

### Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Koos Plantinga(tel:0515-332448).

### Krystpuzzel

Yn it Krystnûmer fan de Treffer stie in Krystpuzzel. It goeie antwurd wie dus: WERELDKAMPIOEN

De folgende minsken kamen mei de goeie oplossing en kinne op Walperterwei 21 yn Wommels in pryske ôfhelje:

Feiko Broersma  
Sieta Tessemaker  
Tjerk van de Pol  
Habtamu de Hoop

### Grêfstien

It sil noch wol sa 'n 50 jier duorje, mar wy hawwe heard dat Anne Brouwer alfêst in grêfstien útsocht hat:



### Ferkearde skoer

Ferline wike in moai taferiel by de SDS-froulju. Nynke de Boer hyt sûnt koarten Nynke Wagenaar sûnt sy mei Ronny trout is. Sy nimt it

houlik sa 't it beskreaun stiet; alles diele. It wie allinnich fêst net de bedoeling om de fuotbalskuon ek te dielen. Dêr stie sy op in woansdeitejûin op it trainingsfjild. Oan de iene foet in skoer fan harsels en de oare kant ien fan Ronny.....

### Wêr is myn skinebonkbeskermer?

Nei it ferhaal fan Nynke kaam der ek noch in âld ferhaal boppe wetter. Jierren lang spile Tsjalling Hoekstra (Zwengel foar yntimi) by SDS. Hy siet yn de boks by SDS 4 en klaaide him om foar de wedstryd. Hy wie konsintreare oan de gong doe 't hy yniens rôp: "wa hat myn skinebonkbeskermer sjoen?" It bleaun efkes stil yn de klaaikeamer doe 't yn rôp: "Do hast 2 om dyn rjochterfoet, sipel".....

### Niis?

Hawwe jim noch niis, foto's, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei [info@vv-sds.nl](mailto:info@vv-sds.nl) of [DeTreffer@vv-sds.nl](mailto:DeTreffer@vv-sds.nl).



## 2 trefferkes

Sa 'n prachtige foto fan twa treffers mei fansels net yn dizze rubryk ûntbrekke. Dizze seagen wy stean yn it AD:



*Twa doelpunten op ien foto*

## Billboard



Dit knap grutte billboard fan Oliver Kahn moat ergens yn Berlyn stean. It mei dúdlik wêze dat der hiel wat ûnder him troch glijt.....

## Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
03-mrt	Seal: SDS 1 - Blauw-Wit '34	20.30
06-mrt	SDS 1 - Oeverzwaluwen 1	14.30
06-mrt	Start jeugdkompetysjes	
10-mrt	Seal: Futsal Heerenveen 2 – SDS 1	21.30
13-mrt	Nijland 1 - SDS 1	14.30
17-mrt	Seal: SDS 1 - Urk 1	20.30
20-mrt	Inhaal: Leeuwarder Zwaluwen 1- SDS 1	14.30
23-mrt	Sponserjûn mei Ron Jans as sprekker	20.00
27-mrt	SDS 1 - Broekster Boys 1	14.30
3-apr	Heerenveense Boys 1 – SDS 1	14.30
5-apr	Aaipop	
10-apr	SDS 1 – BCV 1	14.30
14-apr	SC Heerenveen - PSV	20.00
14-apr	Seal: SDS 1 – ZVVS 1	20.30
17-apr	Inhaal: (Bant 1 – SDS 1?)	
22-apr	Treffergearkomst	21.30
23-apr	Seal:Futsal Cambuur 2 – SDS 1 (lêste wedstryd)	20.00
24-apr	Blauw-Wit 1 – SDS 1	14.30
25-apr	KNVB-bekerfinale	
30-apr	Keninginnedei	
1-maaie	SDS 1 – Bant 1 (lêste kompetysjewedstryd)	
2-maaie	Feyenoord – SC Heerenveen	14.30
8-maaie	SDS 2 sil derop út	
11-maaie	Start W(ommelser) K(ampioenskip) 2010	20.00
12-maaie	Finale Europa League	
22-maaie	Finale Champions League	
2-juny	Kom nei Wommels mei fuotbalklinik fan Maarten de Jong (âld-SCS Heerenveenspiler)	
5-juny	5 tsjin 5-toernoai yn Koudum	
11 juny	Start Oerol	
11 juny	Start WK-fuotbal	
12 juny	Midsimmercup yn Dronryp	

## SDS-sjaal

Dizze prachtige SDS sjaal is foar 12 euro te keap en te krijen by Tineke Vink eltse sneontemoarn fanôf 9.00 yn de kantine.

